

TOANIELSTIK

WETTER EN FJOER

Mozaïekteaterstik yn 3 bedriuwen fan Don Duyns
Fryske oersetting fan Anja Steegstra

2021

Wetter en Fjoer
(Water en vuur)
Mozaïekteaterstik yn 3 bedriuwen fan Don Duyns
Fryske oersetting fan Anja Steegstra

Kolofon

'Water en Vuur' fan Don Duyns is de Nasjonale Teatertekst fan 2021, in inisjatyf fan it Nasjonale Teaterwykein. De oersetting is mei mooglik makkke troch NAPK, Nederlandse Associatie voor Podiumkunsten.

Personaazjes:

Betty Lente-Collier:	(86) puzelaarster, fan Yndyske ôfkomst
Sylvia Nouwens:	(21) bejaardenfersoargster
Bruno Di Luzio:	(35) imazjinêre Italiaanske badmaster
Carla Kannegieter:	(61) aktrise, mei graach oerdriuwe
Marta Laurens:	(39) auditante
Lotte-Rosa De Vries:	(23) teatermakker
Rob Brokken:	(âlder) assistint fan Lotte-Rosa
Hein Collier:	(58) bazige man
Anna Hemeltranen:	(43) helpt Hein
Jasper van Os:	(33 of 70) portier fan it buerthûs
Robert Collier:	(38) broer fan Hein
Chiron Martina:	(35) partner fan Robert
Petra Deugd:	(36) bringt jassen. Idealiste

Lytsere rollen:

Koerier, jonge frou, lytste man.

Leeftiden, gender, herkomst en oare saken binne fariabel en ôfhinklik fan de cast. Dûbelrollen binne absolút tastien.

Lokaasje:

Ferskate plakken yn buerthûs “It kompas” en dêrbûten yn in middelgrutte stêd of grut doarp, mei in boarterstúntsje. In sealtsje wêr’t Betty sit, oan in tafel mei in lampe.

EARSTE BEDRIUW

PROLOOCH

(Rob op. Rjochtet him rêstich ta de seal)

Rob:

Goeie. Wolkom. Ik bin Rob, ien fan de personaazjes yn dit ferhaal. Yn it stik sels fal ik net sa op – hoewol't ik wol ien útsprutsen momint ha – mar ik stean hjir, om't Lotta-Rosa my frege hat om in pear saken even koart ta te ljochtsjen. Lotte-Rosa is... dat sjogge jimme aanst wol. Goed, ik moast sizze dat alles yn en om buerthûs “It Kompas” spilet. In labyrintysk gebou út de jierren santich fan de foarige iuw. De muorren wiene earst brún, doe oranje en binne tsjintwurdich fan in ûnbestimde kleur wyt. Systeemplafond. Hawar, jo hawwe der no sa fêst wol in foarstelling fan. En, o ja, dêr (wiist nei in frou oan in tafel mei in puzel) sit Betty. Wêr't sy de hiele tiid is, wit gjin ien. Ik winskje jimme in protte wille mei “Wetter en Fjoer”. (rint like rêstich wer ôf)

Sêne 1.1.

(oan de tafel by in lampe sit in âlde Yndyske frou. Leit in puzelstikje te plak yn in grutte puzel mei in ôfbylding fan in beam)

Betty:

Do past. (besjocht in oar stikje) Pasto hjir? (triuwt fûl op it stikje) Ja. Okee. (stoarret foar har út) It past. (glimket. Weemoedige muzyk)

Sêne 1.2. Taryeding

(in sealtsje yn it buerthûs. Tsjin de muorren attributen fan ferskate ferieningen: damjen, swurdfjochtsjen, jeux de boules (teory en praktyk). Twa minsken. Hein (58) sit. Anna (43) stiet. Sy plôket oan in plakkerke op de muorre)

Hein:

Anna?

Anna:

...

Hein:

Anna!

Anna:

Sorry, ik wie... oan it neitinken...

Hein:

Hâldst de kop der even by?

Anna:

Ja. Goed. (plôket wer oan it plakkerke)

Hein:

Anna?

Anna:

Ja Hein?

Hein:

Wolst alles fêst klear sette?

Anna:

Yes.

Hein:

En tink derom, nét dy djoere kopkes.

Anna:

Hokker binne eins de djoere kopkes?

Hein:

Eh... dy porsleinen.

Anna:

Hoe wit ik dat?

Hein:

Ast se falle litst, binne se stikken.

Anna:

Dan is it dus te let.

Hein:

(poer) Ferdomme Anna, meitsje net alles sa yngewikkeld!!

Anna:

Doch ik dat?

Hein:

Ja!

Anna:

Ik konstataarje allinnich mar wat. Ik wol gewoan graach witte wêr't ik

oan ta bin. Do witst dat ik dúdlikheid nedich ha. Dat ha ik ek by de sollisitaasje sein. Dat ha ik dochts sein! Hein, of net? En ik wit wol dat dit frijwilligerswurk is, mar frijwillich wurk is ék wurk. Hein, hearst wol wat ik sis?

Hein:

(klaut him even op 'e holle) Porslein is tinner, okee! Fiel gewoan. Do moastst fiele!

Anna:

Goed hear, kalm mar. Hoechst fan lilkens net út dyn broek te springen.

Hein:

Dat is gjin útdrukking.

Anna:

No wól.

Hein:

It spyt my, Anna. Ik fiel in bepaalde spanning en ferantwurdlikheid...

Anna:

Hindert neat. (tsjin publyk) Se sizze dat je rêstiger wurde nei in hertoanfâl. No, dat is oan Hein net te fernimmen. Hy kin lykas in bear, ynienen út it neat wei woest wurde.

(in frou, Marta (39) 'artistyk' yn 'e klean, komt kwasy ferlegen deryn. Se hat in jute-tas by har, dêr't û.o. har plakboek en skript yn sitte)

Marta:

Pardon, bin ik hjir goed?

Anna:

Dat hinget derfan ôf.

Marta:

No, ik kom dus foar...

Hein:

Wy binne even dwaande. Jo steure.

Anna:

Net sa ûnaardich dwaan, Hein. Wêr komme jo foar?

(Marta sjocht om har hinne en liket de fraach ferjitten te wêzen)

Anna:

Jo binne hjir foar wat?

Marta:

O eh ja. Foar de opname.

Anna:

Hokker opname?

Marta:

Of eins foar de audysje fan de opname.

Hein:

Jezus...

Marta:

Ja, ik bin figurant.

Hein:

(suchtet) Binne wy dat net allegearre?

Marta:

Hoe bedoele jo?

Hein:

Yn de komeedzje dy't libben neamd wurdt, bedoel ik. En dat wy dêr allegearre yn...

Marta:

Jo binne de regisseur? Jo klinke as in regisseur, fyn ik. En jo bril... echt in regisseursbril.

(Anna laket, Hein fynt dat net leuk)

Anna:

Haha, hy? Regisseur?

Hein:

Nee, ik bin de regisseur net. Ik hâld my net op mei teater. Of mei oare frivoliteiten. Der spilet hjir in hiele protte wat lieding freget en dat is nét op it mêd fan teater. En jo binne hjir ferkeard.

Marta:

Wêr moat ik dan wêze?

Hein:

Hjir net.

Anna:

Yn in oar sealtsje. Jo moatte de gong troch, twa kear links, by de kleanysamling lâns en dan sjogge jo it fansels.

(Marta twivelet wat)

Hein:

Dach mefrou.

Marta:

Dach...

Anna:

Dach. Sukses!

(Marta ôf)

Anna:

Dat wie net sa aardich fan dy, Hein.

Hein:

Nee? Ik ha al hiel jong leard om gjin tiid te fergriemen oan minsken dy't net...

Anna:

Dy't net wat?

Hein:

Dy't net yn myn werklikheid passe. Dy't neat bydrage.

Anna:

Bydrage oan wat?

Hein:

Oan it libben fan Hein.

Anna:

Lokwinske. Ik kin dy no offisjeel net mear folgje.

Hein:

Dy frou. Dy komt foar in audysje. Wat ha ik dêr mei út te stean.

Anna:

Wy binne dochs allegearre minsken?

Hein:

(hoastet) Harkje. Der hinget hjir in hiele protte fan ôf, Anna. Elk detail moat klopje.

Anna:

Begrepen. Helpst dan sels ek even mei? It falt my op dat ik hieltyd stean en do sitst.

Hein:

Nee, sorry. Te drok. Ik moat myn speech noch byskave. Elk detail is fan belang. Ik moat de minsken jûn oertsjûgje mei myn wurden, oars driget it

in anargy te wurden.

Anna:

Tinkst dat it allegearre noch goed komme sil?

Hein:

Nee. Ik gean altyd út fan de meast negative útkomst.

Anna:

Echt wier?

Hein:

Ja. Mar ik sil myn bêst dwaan.

Anna:

Wat in frjemde redenaasje: útgean fan it negative.

Hein:

Om teloarstelling foar te wêzen.

Anna:

Mar, dan rinst miskien ek wol dingen mis.

Hein:

Hokker dingen?

Anna:

Eh... leuke dingen.

Hein:

Leuke dingen?

Anna:

Ja.

Hein:

Bespotlik. En no even stil graach.

Anna:

Okee.

Hein:

(giet fierder mei syn speech. Lêst dan fan papier:) “Wy binne op in kearpunt, wy as mienskip. It beslút dat wy – mei inoar - hjoed nimme sille, sil bepale hoe... (net tefreden oer de tekst) Sil bepale dat? Sil bepale of? (makket oantekeningen) It is tiid om te kiezen. (tefreden) Sa.

(Anna set yntusken de tafels en stuollen klear)

Sêne 1.3. Wipkip.

(yn it boarterstúntsje foar it buerthûs. Wy falle midden yn it petear fan twa manlju: Chiron (35) en Robert (38))

Robert:

Wy binne fierstente betiid.

Chiron:

No en?

Robert:

Ik wol hjir net de hiele dei op in wipkip sitte te wachtsjen oant it ris in kear begjint.

Chiron:

Der binne oars genôch oare leuke tastellen. Sjoch, in skommel.

Robert:

O nee. As bern waard ik dêr al deasiik fan. Skommelje. Dy beweging. Nee. Ik wol nei hûs.

Chiron:

Hoesa?

Robert:

Ik lûk it gewoan net.

Chiron:

Hm.

Robert:

Wat, 'hm'?

Chiron:

Do begrypst dochs sels ek wol, datsto feitlik de oanstichter fan dit konflikt bist?

Robert:

De oanstichter! Om't ik de moed hie my út te sprekken? Om't ik it lef hie om in diskusje oan te slingerjen?

Chiron:

Krekt. En no wolst útnaaie, no't it der op oankomt?

(Chiron rint fuort en jout in (eventuele tinkbyldige) triuw tsjin de skommel)

Robert:

Okee, okee, do hast in punt.

Chiron:

Do kinst no net opjaan. Dan wint hy.

Robert:

Ik wol it net oer him hawwe.

Chiron:

(pleaget) Do wolst net dat ik it oer him ha?

Robert:

Asjebleaft Chiron, no even net.

(lytse stilte)

Chiron:

Ik bin der. Dus, myn stipe hast.

Robert:

No... nee.

Chiron:

Nee?

Robert:

Chiron skat... do witst hoe't se hjir yn it doarp binne.

Chiron:

Koartsichtich ja. Mar elkenien wit dochs wol dat wy by-inoar binne? En sa as buorfrou koartlyn sei: "Ik bin net echt sljocht op homofilen, mar ik fyn jimme wól hiel leuk".

Robert:

Haha. Dat wurd.

Chiron:

Ik hie it ek al yn jierren net mear heard. Mar wat ik sizze wol...

Robert:

Ik wit watst sizze wolst. Mar do fersterkst de saak net.

Chiron:

Wat! Ik fersterkje de saak net? Lekker dan.

Robert:

Mei dyn oanwêzichheid. Ja sorry hear, ik sis wat ik tink.

Chiron:

Okee, okee. Dan is it miskien mar better dat ik hielendal ferdwyn? By dy wei, út dit doarp wei? Sadatst in frou mei '*asblond*' hier útsykje kinst en letter trije of fjouwer bern en in bakfyts hast en...

Robert:

Sst. Sa bedoelde ik it net.

Chiron:

En fansels in gezinsauto om op...

Robert:

Fansels giest mei. Ik bin bytiden ek sa'n sloppe sek.

Chiron:

Ja. En dat fernuveret my alle kearen wer. De iene kear sterk en de oare kear in sloppeling. De iene kear dyn heit, de oare kear dyn mem.

Robert:

Haha. Amateurspsycholooch. Kom, ik moat my noch opmeitsje.

Chiron:

Dat mienst net.

Chiron:

Nee gek, geintsje. Kom. Skommelje.

(Robert tutet Chiron. Se skommelje)

Robert:

O nee, ik wurd mislik. (springt fan de skommel, klapt foaroer op hannen en knibbels)

Chiron:

Giet it?

Robert:

(syn mobyl giet, nimt op) Hallo? Nee mem. Nee. Sorry. Ik kom hjoed net, ik... Ja moarn miskien... Nee ik bin net lilik... Goed mem. Hoi mem. (hinget op)

(op de achtergrûn rint Petra (36) foarby mei twa grutte tassen mei jassen deryn. Fan dy tassen mei in fjouwerkant motyfke derop. Se rint nei de yngong fan "It Kompas", dêr't it logo "It Kompas" op skildere is)

Sêne 1.4. Vla

(Betty sit yn in sealtsje oan in tafel mei in grutte lispuzel fan it Gardameer, dêr't allinnich de rântsjes fan klear binne. De doaze leit as foarbyld foar har. De ôfbylding fan de puzel is ferkleure. Neist har leit in grutte telefoan. De keamer is skimerich, útsein it ljocht fan ien felle lampe, dy't op de tafel mei in kleedsje skynt)

Betty:

Eh... (pakt in puzelstikje tusken tomme en wiisfinger en draait it rûn en rûn. Tsjin it puzelstikje:) Wêr hearsto? (yn harsels:) Laziche... Peschiera... (draait it stikje noch in pear kear yn it rûn. Leit it dan yn it midden, yn de leechte op 'e tafel. Glimket tefreden; stilte) Ja... (siket yn de berch mei stikjes en pakt wer in stikje)

(Sylvia (21) op mei in trolley)

Sylvia:

Bakje vla, mefrou Collier?

Betty:

Pardon?

Sylvia:

Oft jo wat vla wolle. (tilt it bakje op) Vla!

Betty:

Vla?

Sylvia:

Vla ja.

Betty:

(sjocht nei it bakje mei vla) Der sit in kers op.

Sylvia:

Kloppet. Wy dogge der alles oan om jo bestean wat op te fleurjen. Wolle jo in bytsje?

Betty:

Moat dat?

Sylvia:

(laket) Nee hear. It hoecht net beslist.

Betty:

Ik fyn it in goare smaak, de smaak fan... vla? De... struktuer. Krekt as der waarme kots troch myn kiel glidet.

Sylvia:

Gadver. No, gean mar lekker troch mei de puzel. Ik kom aanst wol wer eefkes del.

Betty:

Wer mei vla?

Sylvia:

Nee, dan kom ik om jo steunhoazzen út te dwaan.

Betty:

Ah.

Sylvia:

Dat doch ik ommers elke jûn?

Betty:

Ja...

Sylvia:

En as ik der net bin, ien fan myn kollega's. Yorick. Of Natascha. Björn. Elsa.

Betty:

Elsa? (fan it iene op it oare momint "ferjit" Betty de jonge fersoarchster. Se sjocht nei de puzel op 'e tafel) As ik krimpe soe, dan koe ik yn dy wenje.

Sylvia:

In noflike middei noch.

(Betty seit neat mear. Leit beide hannen oer de puzel. Sylvia rint ôf mei de trolley. Muzyk. 'Dancing queen' fan Abba)

Sêne 1.5. Yntimiteiten.

(de muzyk giet troch. Hein is noch hieltyd drok dwaande mei syn speech)

Hein:

"In beslissend momint foar ús hiele mienskip, in momint dat... (nidich tsjin Anna) Kin dat even út?

(de muzyk bliuwt oan. Anna draait de folume knop omheech)

Hallooooo! Anna!

Anna:

O. Sorry. (muzyk út)

Hein:

Fijn.

Anna:

Ik woe de boksen even tsjekke.

Hein:

Dat hast dan no dien.

Anna:

Ja.

Hein:

Ik kin beslist net oer Abba.

Anna:

Nee? Dat fynt elkenien dochs leuk?

Hein:

Ik net. It docht my oan in tal bysûnder ûngelokkige mominten yn myn libben tinken. Mominten wêrby dy ferskes de soundtrack foarmje. As ik Abba hear, is it krekt as wurd ik troch tûzen nullen stutsen.

Anna:

Wat aaklik, Hein.

Hein:

Ja.

Anna:

Hokker ûngelokkige mominten wiene dat? Of wolst dat leaver net sizze.

Hein:

Nee.

Anna:

Wat?

Hein:

Nee, dat sis ik leaver net.

Anna:

Hat it mei dyn broer te krijen?

Hein:

Nee!

Anna:

Of mei dyn mem?

Hein:

Ik sis dochs krekt: ik wol it der net oer hawwe!

Anna:

Mar...

Hein:

Nee!

Anna:

(bûcht de holle foaroer) Okee, okee...

Hein:

No bist teloarsteld.

Anna:

Nee hear. Mar it is gewoan sa dat... Ik wit hast neat fan dy. Wylst wy al acht jier kollega's binne. Do bist fansels de 'liedingjaande' en ik de frijwilliger, mar dochs.

Hein:

Dêrom hoege wy dochs net alle yntimiteiten te dielen?

Anna:

Nee, mar...

Hein:

Of tinkst dat wy dan better funksjonearje sille? Dat do en ik dan in 'gefoelsbân' ûntwikkelje sille dy't boppe de deistige wurksfear útstige sil?

Anna:

Nee Hein! Nee. Lit mar.

Hein:

(tsjin publyk) Sûnt se dy burn-out hân hat, wit ik net sa goed hoe't ik mei har omgean moat. As ik te direkt bin giet it ferkeard en as ik te omslachtich bin, ek. Mar ik ha har nedich om't ik in hiele iensume man bin.

Anna:

Datsto neat oan Abba fynst. En Elton John dan?

(lytse stilte)

Hein:

Wy brûke de boksen net.

Anna:

Net?

Hein:

Nee.

Anna:

Ik tocht by dyn opkomst.

Hein:

By myn opkomst? It is gjin show Anna. It is in tige wichtige ‘meeting’ oer grutte-minskensaken. It giet oer ús takomst. Hoe betinkst it, dat ik dan mei in muzykje opkomme moat.

Anna:

Ik...

Hein:

Wat hiest yn ’e holle? ‘Eye of the tiger’? En ik yn in satinen moarnsjas mei myn fûsten yn ’e loft opkomme?

Anna:

Nee, mar wat klassyks soe wol kinne...

Hein:

Ik doch gjin opkomst. Ik sit al te plak. As de minsken deryn komme sjogge se hoe’t ik fol selsbetrouwen al op myn stoel sit.

Anna:

Do sitst altyd.

Hein:

Krekt.

Anna:

Mar in bytsje mear dynamyk soe...

Hein:

Klear no. Meist dan wol medisinen studearre hawwe, hjir ha ik it foar it sizzen.

(foar Hein is de diskusje sluten. Stilte)

Anna:

Se binne trouwens wer begûn.

Hein:

Wa?

Anna:

Abba.

Hein:

Binne dy dêr no net fierstente âld foar?

Anna:

Se trede net mear op.

Hein:

Wa dan?

Anna:

Harren hoe hjit it... hologrammen.

Hein:

(nimt in slokje kofje) God, sa no en dan soe ik wolle dat ik ek in hologram bin.

(koarte stilte)

Of wie.

Anna:

(sjocht nei Hein. Se pakt in mes om de cake oan te snijen. Leit it dan wer del)

Anna:

Hoefolle stikjes cake meie se hawwe?

Hein:

Ien fansels. Wy binne gjin filantropyske ynstelling.

Anna:

Sil ik it fêst oansnije?

Hein:

Nee Anna. Want dan wurdt dy cake drûch en hat elkenien fuort in min sin.

Anna:

Okee. Dan doch ik dat letter wol.

Hein:

Hm, hm.

Anna:

Mei slachrjemme?

Hein:

Ik kin my net oeral mei dwaande hâlde, Anna. Dat moastst sels mar witte.

Anna:

Mar...

Hein:

Anna!

Anna:

Goed. Goed hear. Goedgoedgoedgoed. (snijt in grut stik cake ôf sûnder dat Hein it sjocht en troppet it yn 'e mûle) Hmmm.

Sêne 1.6 Plakboek/De audysje

(Carla sit har tekst op in A-4 troch te nimmen. Heal flústerjend en mei in protte klemtoanen. Se hat har fingers oer de tekst lizzen)

Carla:

Nee mynhear, dát bedoel ik net. Ik wol my hielendal net oan jo opdringe. Ik bedoel gewoan dat jo en ik net in... In... (hellet har fingers fuort, der stiet wat oars) Shit!

(Marta op, sjocht Carla. Fierderop in tafel mei kofje en bekerkes)

Marta:

Hoi.

Carla:

(sjocht net op) Hoi.

Marta:

Ik eh...

Carla:

Ja?

Marta:

Bist hjir ek foar de audysje?

Carla:

(sjocht op. Kritysk) Ik miende dat it foar ûnder de fyftich wie?

Marta:

Ik bin njoggenentritich.

Carla:

Soest net sizze.

Marta:

Grappich.

Carla:

It is oars net grappich bedoeld.

(Marta kin wol wat hawwe. Pakt in stoel en set dy – tsjin it sin fan Carla - neist Carla. Marta hellet kofje en giet sitten)

Marta:

Wolst ek?

Carla:

Wat?

Marta:

Kofje.

Carla:

Nee. As de duvel kofje sette koe, soe it sa smeitsje.

Marta:

Okee. Graach of net. Ik bin Marta.

(lytse stilte)

It is wol in moaie rol hin?

Carla:

Hm, hm.

Marta:

Fleis om 'e bonken. Moaie bôge. Kwa taal ek wol... talich. Dus eh...

Carla:

Net oerdriuwe. It is mar in byrol.

Marta:

Der hat immen oait sein dat...

Carla:

Nee!

Marta:

Wat nee?

Carla:

Net sizze watst sizze wolst!

(Marta kin Carla net mear folgje. Giet oerein)

Marta:

Wat woe ik sizze dan?

Carla:

“Lytse rollen bestean net, allinnich lytse akteurs”.

Marta:

Hoe witsto dat?

Carla:

Ik fiel klisjee's fan in kilometer ôfstân oankommen, skat.

Marta:

Do fynst my dus in klisjee?

Carla:

Nee hear. Dy net. Allinnich watst sizze soest. (tikket op de stoel) Kom mar lekker sitten.

Marta:

(giet wer sitten, knikt nei it stikje papier) Tegearre noch even trochnimme?

Carla:

Ik ken myn tekst as in want fan immen mei te grutte hannen.

Marta:

Wat?

Carla:

Dat is in fergeliking Marta. Ik mei graach taal ferrykje.

Marta:

Dus do wolst net... der even trochhinne?

Carla:

Nee. Dat ha ik al dien.

Marta:

No, goed fan dy.

Carla:

(sjocht Marta kritysk oan. Wurdt se no foar de gek hâlden of net?) Sa docht in professional dat. Thús de tekst leare. En net allinnich de tekst leare, mar ek de ûnderstream fiele, de ûnderlizzende gefoelens. En witst wat ik ek altyd doch?

Marta:

(besiket net blike te litten dat se laitsje moat) No?

Carla:

Ik betink altyd fan te foaren ferskillende ynterpretaasjes.

Marta:

O ja?

Carla:

Ja. Dan hat de regisseur in keuze. Bygelyks hiel emosjoneel, grut aktearre. Of krekt lyts, subtyl, komysk. Ferskillende aksinten ek.

Marta:

Dat is in spesjaliteit fan dy?

Carla:

Ien spesjaliteit? Ik kin alles, tink ik.

Marta:

Tsjong, ik woe dat ik dat ek sa oertsjûgjend fan mysels sizze koe.

Carla:

Selskennis is hiel wichtich.

Marta:

Jawis.

Carla:

Dêr hâlde regisseurs ek fan. Ja, ja, ja.

(stilte. Marta pakt in plakboek út har tas. It kreaket as se it iepen slacht)

Marta:

(glimket) Plakboek.

Carla:

O, bisto sa'nien.

Marta:

Wat bedoelst mei sa'nien?

Carla:

Ik sis altyd mar sa: der binne twa soarten figuranten. Dy méi plakboek en dy sûnder.

Marta:

(misledige) Ik fyn it gewoan leuk om in oantinken te bewarjen fan myn eardere prestaasjes. Sjoch, dit is Pierre. En hjir bin ik, mei Rutger. Edwin. (blêdet) En och, Carice, wat wie dy dêr doe noch jong... sá jong.

Carla:

Ast mei safolle stjerren wurke hast, wat dochst hjir dan?

Marta:

Hoe bedoelst?

Carla:

Yn dit nochal tryste buerthûs, dêr't se klean ynsammelje, dêr't de buertbarbecue hâlden wurdt en dêr't sneue bandsjes ferskes stean te ferkrachtsjen. Hjir.

Marta:

It plak is net fan belang.

Carla:

O. Okee.

(lytse stilte. Carla slacht in side om fan Marta har plakboek)

Bisto dit? (wiist) Dizze blonde dy'tst mar kwealik sjochst?

Marta:

'Ha ha'.

Carla:

Wat?

Marta:

Ik bin net sa dom as ik derút sjoch. Ik ha wol troch datst in grapke makkest hear.

Carla:

Do sjochst der net dom út.

Marta:

En do, wat hasto prestearre?

Carla:

Ik bin yn alle gefallen gjin figurant.

Marta:

Wat dochst hjir dan?

Carla:

Ik kaam foar de kofje. Mar dat foel ôf. Sukses.

Marta:

Do ek.

Carla:

Ja daa-haaagg. O. Ik hjit Carla. Carla Kannegieter. (giet stean, lûkt har rok rjocht en giet ôf mei it bekerke kofje)

Marta:

Trut.

Carla:

Dat hearde ik. (ôf)

Stim achter de doar:

Folgjende!

(Marta giet oerein)

Sêne 1.7 Jassen.

(Petra stiet foar de doar fan it buerthûs, yn elke hân in swiere tas. Jasper, (33 of in oare leeftyd) de suterige portier anneks konsjerzje stiet by de doar. Rookt in sigaret)

Goemoarn. Petra:

Goemoarn. Jasper:

(Petra bliuwt stean)

Jasper:
Kin ik wat foar dy dwaan?

Petra:
Ik ha jassen.

Jasper:
Jassen?

Petra:
Foar dy manlju út Eritrea. Foar de winter. Ik lies yn de buertkrante dat der ferlet is fan jassen. Winterjassen. Doe ha ik dus ris even op de souder omstrúnd en no bin ik hjir dus mei twa tassen fol jassen.

Jasper:
(ûnder de yndruk) Zó!

Petra:
Ja, ik eh... it is wol swier.

Jasper:
(knikt skeef nei achteren) Dy kant út. (hâldt de doar foar Petra iepen)

Petra:
Tankjewol.

Jasper:
Neat te tankjen. Ik bin Jasper.

Petra:
Casper?

Jasper:
Nee, Jasper.

Petra:
Betanke, Jasper. Petra.

Jasper:

Se sille der bliid mei wêze.

Petra:

Bliid?

Jasper:

Mei de jassen.

Petra:

Ah.

Jasper:

Der is yndied ferlet fan jassen.

Petra:

Ja, dat lies ik dus.

Jasper:

Ja.

Petra:

Goed dat jimme dy hjir ynsammelje.

Jasper:

Ja, der bart hjir fan alles. (filosofysk) Fan alles. Sa no en dan ek dingen dêr't ik fan tink: hee, barre dy hjir ek? En ja, dy barre hjir dus ek.

Petra:

Ja?

Jasper:

Ja. Ik wit no sa even net wat, mar eh...

Petra:

Ja.

(se binne eefkes útpraat. Petra sil deryn. Marta sil derút. Se stean eefkes stil yn de doar iepening. Harren libbens kruse inoar. Marta sjocht nei Petra)

Marta:

No ja sis!

Petra:

Hè!?

Marta:

Petra?

Petra:

Marta?

Jasper:

Jimme kenne elkoar? Wat leuk.

Marta:

(tsjin Petra) Wat dochsto hjir?

Petra:

Jassen bringe. En do?

Marta:

Audysje.

Petra:

O, wat leuk. Bist wer begûn mei aktearjen?

Marta:

Ik wol it wer ris besykje.

Petra:

Echt leuk. De lêste kear dat ik dy spruts, seist dat it miskien dochs net echt wat foar dy wie.

Marta:

It begûn wer te kribeljen.

Petra:

No, ik fyn it hiel moai datst dyn hert wer folgest.

Marta:

Ik ferfeel my thús. Sûnt Simon minder wurket is elk frij momint in 'beproeving'. Hy bliuwt mar trocheameljen oer syn hobby's. Treinen, fuotbal. Alde boeken.

Petra:

Okee... Miskien sjoch ik dy aanst noch. (rint ôf, it buerthûs yn)

Jasper:

Hoe gie it?

Marta:

De audysje?

Jasper:

Ja.

Marta:

(tsjin publyk) Hoe wit hy dat? Ik ha it net tsjin him sein. Is it sa dúdlik te sjen dat ik aktrise bin? Stiet it op myn foarholle skreaun?

Jasper:

(hat it lêste net heard) Dus, hoe gie it?

Marta:

Ik haw net west. Ik krige de senuwen.

Fan wa? Jasper:

Fan mysels. It is lang lyn. Marta:

Do wiest ophâlden? Jasper:

Ja, ik wie ophâlden. Marta:

Ik bin Jasper. Jasper:

Casper? Marta:

Nee, Jasper. Jasper:

Marta. Ik hjit Marta. Marta:

Leuke namme. Jasper:

No, tankjewol. Marta:

Jasper:
(even stil) Ik wit hoe't it is. Om op te hâlden. En dochs wer op 'e nij te begjinnen. Ik ha jierrenlang yn in BCC wurke, en op in dei realisearre ik my...

Marta:

Jasper, ik moat dy even ûnderbrekke. Ik doch it dochs mar. Jasper:

Ja? Marta:

(ferromme) Ja. Ik wol it dochs mar besykje. Jasper:

Hiel goed. Marta:

As ik it net doch, krij ik spyt. Jasper:

Kom mar, ik bring dy.

(beide ôf)

Sêne 1.8 Brutaal.

(Petra stiet earne yn it buerthûs en helle jassen út de tassen. Se leit se del op foarm en kleur. Stadichoan komme der hieltyd mear manlju deselde romte yn. Stean op it lêst yn in heale sirkel om har hinne. It soe yntimidearjend fiele kinne. De lytste man wiist op in grutte maat winterjas)

Lytste man:

For me.

Petra:

O. Eh... no.

Lytste man:

Yes, for me.

Petra:

Nee. No. Do moastst even wachtsje. I mean, you have to wait. It will be eh... distributed.

(de man sjocht har net-begripend oan en pakt sûnder omhaal de jas en lûkt dy oan. De jas is fierstente grut, hinget oer syn knibbels)

Lytste man:

Good.

Petra:

You see? Too big.

Lytste man:

No. Good.

Petra:

Ik fyn it net sa earlik datstoe no al... not eh... honest?

Lytste man:

Yes. Very honest.

Petra:

Wait.

Lytste man:

Bye.

(de man is dúdlik bliid mei de jas, te grut of net. Rint fuort)

Sêne 1.9 Yn de tuskentiid.

(Betty leit in puzelstikje te plak. Dat wol sizze, se tínkt dat it past)

Betty:

Ja. Of nee. Of ja. Of nee.

(jit harsels in advokaatsje yn)

TWADDE BEDRIUW

Sêne 2.1 Dûse.

(Chiron en Robert drinke wyn op in tastel yn de boarterstún)

Robert:

No en doe sei er, dy man: moat ik it ynpakke, of sil ik der in strik om hinne dwaan. Haha!

Chiron:

Haha, in strik. Noch in wyntsje?

Robert:

(hâldt de hân oer it glês) Nee ju, ik stean al te stuitjerjen.

Chiron:

De flesse is hast leech.

Robert:

Mar ik moat skerp bliuwe. Witte wat ik sis. Net mei in dûbele tonge stean de wauweljen.

Chiron:

It soe goed wêze ast de spanning wat ferminderje koest.

Robert:

Ja dat is sa. Ja...

Chiron:

(jit himsels it lêste út de flesse yn) Ik begryp net datsto sa oars bist as dyn broer.

Robert:

Ik bin betiden deabenaud dat wy mear op inoar lykje as ik mien. Dat wy twa kanten fan de selde medaille binne.

Chiron:

Echt net!

(lytse stilte. Robert laket)

Robert:

As ik dea bin, kinst wol mei myn broer fierder.

Chiron:

Jasses. Uneachlike man.

Robert:

Haha.

Chiron:

Wat?

Robert:

Dat wurd. Uneachlik. Dat klinkt ek hiel ûneachlik.

Chiron:

Uneachlik. Ja. Hast gelyk.

Robert:

Myn boer is... oars.

Chiron:

Ja. Dat kinst wol stelle ja.

(Jasper op)

Chiron:

Ja, jongkeardel?

Jasper:

Jim meie hjir gjin alkohol drinke.

Robert:

“Spruts hy strang”.

Jasper:

(hat wol yn 'e gaten dat se him de gek oanstekke) Dit is in boartersplak foar bern. It is net de bedoeling dat hjir bier of wyn of wat dan ek mar dronken wurdt.

Robert:

Moatst ris harkje... hoe hjitst?

Jasper:

Jasper.

Chiron:

Casper?

Jasper:

Nee, Jasper.

Robert:

Harkje ris, Casper. Punt ien... der is hjir gjin bern te bekennen...

Jasper:

Dêr giet it net om, it is in...

Robert:

En punt twa, de flesse is leech. Dochs, Chier?

(Chiron hâldt de flesse op 'e kop. Der komt gjin drip mear út)

Jasper:

(tsjin publyk) Folwoeksenen kinne sá lytsbernich dwaan. Dat makket myn taak as portier en beheader fan buerthûs It Kompas – ek te hier foar feesten en partijen - wol wat swierder. Altyd dy tsjinspraak.

(Robert slacht Jasper op 't skouder)

Robert:

Hee, gast, hoe let begjint de gearkomste?

Jasper:

(sjocht op syn klokje) Oer eksakt ien oere, trije kertier en fiif minuten.

(it fleurige sin slacht fuort by beide manlju om)

Jasper:

Oant sjen.

(Jasper rint fleurich ôf. Carla Kannegieter wiuwt nei Robert en Chiron. ('joehoe!') Dy slaan gjin acht op har. Se kenne har wol, mar hawwe no even gjin nocht oan Carla)

Sêne 2.2 Noch in kear, graach.

(in wurch eagjende regisseur (Lotte-Rosa de Vries, 23) sit omkeard op in stoel nei Marta te sjen. Njonken Lotte-Rosa sit Rob, har assistint. Hy is âld en slûch)

Marta:

En dêrom gean ik by dy wei, Marcel!

(de sêne wie al begûn. Marta hat krekt spile. Sjocht fol ferwachting nei Lotte-Rosa. Dy swijt)

Marta:

En? Hoe die ik it?

Lotte-Rosa:

Hoe'tst it diest?

Marta:

Ja. Hoe die ik it?

Lotte-Rosa:

Hm. Ja. Ja, ja. Hm. Kinst it nochris dwaan?

Marta:

Nochris?

Lotte-Rosa:

Ja.

Marta:

De hiele sêne?

Lotte-Rosa:

Graach. (tsjin de assistint) En, Rob?

Rob:

(siet te slûgjen, skrikt wekker, mar docht krekt as sliepte er net) Huh? Ja, Lotte-Rosa.

Lotte-Rosa:

Kinsto even tsjinspul jaan?

Rob:

Eh, jawis. (oerein mei in protte muoite. Marta en Lotte-Rosa sjogge dernei)

Lotte-Rosa:

Gewoan fan de kant ôf is prima hear.

Rob:

O. Okee. Okee... Fanôf de kant. Gewoan fan de kant ôf.

(Rob giet mei in protte muoite wer sitten. Lotte-Rosa pakt it skript)

Marta:

Binne der noch dingen dy't ik... hast oanwizingen wat miskien oars moat?

Lotte-Rosa:

Dêr leau ik net sa yn.

Marta:

Wêr net yn?

Lotte-Rosa:

Yn oanwizingen.

Rob:

Nee, dêr leaut se net sa yn.

Lotte-Rosa:

(skerp) Tankjewol, Rob.

(Rob swijt)

Marta:

Ik hie eins net ferwachte datst sa jong wêze soest.

Lotte-Rosa:

Wat?

Marta:

Sa'n jonge regisseur. Regisseuse. Hoe neamst dat tsjintwurdich? Kinst dy soms sa raar fersinne mei watst froulik of manlik beneame moast, it is...

Lotte-Rosa:

Ik bin 'theatermaker'. En jong, wat is jong? Ik bin ienentweintich. Ik ha myn oplieding oan de akademy hiel suksesfol ôfrûne. Ik win prizen. Ik wurd faak nominearre. Resinsjes fan myn wurk skoare altyd minimaal fjouwer stjerren. Us heit seit altyd: wat goed is komt hurd.

Marta:

(mei in knikje nei Rob) Is hy dyn heit?

Lotte-Rosa:

Nee sis. (ûngeduldich) Kinne we? Der komt sa noch ien.

Marta:

Carla Kannegieter?

Lotte-Rosa:

Hm. Soe kinne.

Rob:

(blêdet yn papieren) Ja. Dy is it.

Marta:

(twivelet eefkes. Dan dochs) Dat is in ferskriklik takke-wiif.

Lotte-Rosa:

(is ynteressearre. Docht har rôze bril ôf) O ja?

Marta:

Ja. Ik ha in hekel oan rabeljen, mar...

Lotte-Rosa:

Mar dat dochst no al dochs? Wilst, Marta, ik hâld wol fan dat falske kantsje fan dy. Doe'tst deryn kaamst tocht ik: dêr hast wer sa'n húsfrou dy't wer sa nedich spylje moat nei in jierrenlange stilte. Mar dit is in ûnferwachte kant fan dy. Dochts Rob? (wachtet it antwurd net ôf. Tsjin Marta) Brûk dát yn 'e sêne.

Marta:

Myn ‘falske kant’?

Lotte-Rosa:

Ja. Dy gemiene tering-hoer dy’tst ek yn dy hast.

Marta:

Do leaust dochs net yn oanwizingen?

Lotte-Rosa:

Brûk it, Marta! Paint it black! Kom op!

(Rob jout lêzend tsjinspul. Net al te bêst)

Rob:

‘It is gewoan ûnakseptabel, Mabel, datsto hieltyd bepale wolst hoe’t ús libben der de kommende jierren út sjen moat en...’

Marta:

(ûnderbrekt him – yn har rol en yn it echt) Ach man, hâld dy de harsens, Marcel! Do mienst datst altyd alles better wilst! Ik wurd strontsiik fan dy kop fan dy. Nee, stil! Dy freegjende eagen, dy ôfhingjende skouders. Do bist in minsklike ramp, do makkest alles slimmer mei dyn oanwêzichheid. Do tinkst datst hiel wat bist hê, en dat makket it dûbel tragysk, want asto op in feestje bist, is elkenien dy fuortendaliks wer ferjitten ast dyn...

(it falt even stil. Rob kloppet op syn skript)

Rob:

Se hâldt har net oan de tekst.

Lotte-Rosa:

No en? (tsjin Marta) Dat wie goed.

Marta:

O. Ik eh...

Lotte-Rosa:

Dat wie echt hiel goed. Ik set dy op de list.

Rob:

(tsjin himsels, ûnder de yndruk) Zó.

Marta:

Op de list. Wat betsjut dat?

Lotte-Rosa:

Dat bestjut, Marta, dat ik serieuus oer dy neitinke sil. Datst in opsje bist. Dat betsjut...

(de doar giet iepen. Petra komt wat yn 'e war deryn, mei twa grutte boadskiptassen)

Petra:

Hallo, ik kom om de jassen te bringen.

Lotte-Rosa:

Hokker jassen?

Petra:

Foar de Eritreeërs. Ik lies de oprop. It is winter. Of yn alle gefallen, hast.

Rob:

Jo binne hjir net op it goeie plak, dat is...

Lotte-Rosa:

Stil Rob! Dit is ynteressant. Mei ik dy jassen even sjen?

Marta:

Bin ik klear?

Lotte-Rosa:

(ôfwêzich) Eh, ja. Goeie. Rob bellet dy.

Marta:

Goeie. No. Ik hoopje dat ik...

Lotte-Rosa:

(tsjin Marta) Goeie. (tsjin Petra) Ja, toe mar.

Petra:

Meist se bêst even sjen, mar...

(Marta, bytsje yn 'e war, rint ôf. Rob stekt de hân noch even nei har op en knypeaget op in manier fan 'dat sit wol goed'. Petra pakt de jassen út de tassen en lit se ien foar ien oan Lotte-Rosa sjen, dy't by har stean gien is)

Lotte-Rosa:

Dy wol. Dy net. Dy beslist net. Dy absolút wol! (tsjin Rob) Skriuwst it even op, Rob?

Rob:

Eh, net sa hurd.

Lotte-Rosa:

Foar dy giet alles te hurd. Sei de skyldpod tsjin de hazze, haha. (sjocht nei de jassen) Ja. Nee. Ja. Nee.

(der binne no twa steapels mei jassen. De goedkarde en de ôfkarde. Petra stiet der tuskenyn, sjocht nei Lotte-Rosa en Rob. It begjint har wat te daagjen)

Rob:

Wat wolst mei dy jassen, Lotte-Rosa?

Lotte-Rosa:

Do witst dochs wol dat ik graach gebrûk meitsje fan eleminten dy't my yn de werklikheid net oanrikt wurde? Rob, dat witst dochs wol, of net? Hast de ôfrûne jierren noait oplet as ik keuzes meitsje moast? Do kenst myn proses dochs wol?

Rob:

Ja.

Lotte-Rosa:

Moai. Dit wurde de kostúms.

Petra:

Kostúms?

Lotte-Rosa:

Ja.

Petra:

Kostúms?

Lotte-Rosa:

Hm, hm.

Petra:

Ja, doi. (sil de jassen wer yn de tassen dwaan)

Lotte-Rosa:

Wachtsje! Sa rekket alles yn 'e war! Ik ha ommers krekt alles útsocht.

Petra:

Dit is net it jassen-ynlever-punt.

Rob:

Nee...

Petra:

Jim jouwe dy jassen net oan minsken dy't der ferlet fan hawwe.

Lotte-Rosa:

Jawol. Oan myn akteurs. Of wolst dat se sûnder kostúm spylje moatte?

Petra:

(stoppet mei ynpakken. Rint op Lotte-Rosa ta. De froulju stean no rjocht foar inoar oer) Harkje ris, famke!

Lotte-Rosa:

Famke?

Rob:

Oei.

Petra:

Do meist dan wol mei in leuk toanielstikje dwaande wêze, mar der binne minsken dy't dizze klean echt nedich hawwe.

(Carla Kannegieter komt deryn. Walst mei har tekst en persoanlikheid oeral dwers oerhinne)

Carla:

Hallo Lotte-Rosa. Hallo Rob. Hallo oar persoan. Ik ha goed nijs foar jimme. Ik ha besluten om dôchs audysje te dwaan. Ja, ik fûn it ynearsten wat ûnweardich, al hielendal doe't ik de oare auditanten seach. Sa'n Marta, dat is as oftst besmet wurdst mei in soarte fan plakkerige, middelmjittige... (bynt yn) Mar doe tocht ik by mysels: Carla, foar wa dochst no eins audysje? Foar dysels of foar dy rol? En ik fyn de rol prachtich. Ik bin wei fan de taal fan Boef van Dijck. Hy is ien fan ús bêste, jonge toaniel-auteurs en ik...

Lotte-Rosa:

(heft har hân) No even net Carla! Ik bin yn gesprek mei dizze keunst-hater.

Petra:

Ik haatsje keunst net.

Lotte-Rosa:

O nee?

Petra:

Nee. Ik mei graach ballet en kabaret sjen. Mar ik tink dat der op dit stuit wichtiger issues binne. Der binne guon minsken, yn dit rike Nederlân, dy't gjin waarme jas hawwe. Om't wy fine dat wy mei al ús lúkse en ús waarme huzen belangriker binne as minsken sûnder status.

Carla:

Hiel leuk, mar kin ik...

Lotte-Rosa:

(tsjin Petra) Mei ik dy wat freegje jasse-froutsje?

Petra:

Ik hjit Petra. En freegje mar.

Lotte-Rosa:

Hoe komsto yn godsjezusfredesnamme oan safolle oerstallige jassen? Wat liedsto foar 'white privileged' bestean datst njoggen, tsien, alve winterjassen oer hast?

Carla:

O, mar dit is in hiele leuke jas. Dochst dy fuort?

(Carla hallet in jas út in tas, Petra skuort de jas wer út har hannen wei)

Petra:

Hâld dêrmei op. Dy is foar de Eritreeërs.

Lotte-Rosa:

Dy is foar de foarstelling.

Carla:

Dy is foar my! (Carla wint it gefjocht om de jas. Hâldt dy stiif tsjin har oan) Perfekt. Dat kraachje. Ik sjoch my al flanearjen oer de pier fan Skeveningen.

(Rob lilk oerein)

Rob:

En no is it út! Dy jas is net foar dy, Carla Kannegieter! En ek net foar dyn teaterstik, Lotte-Rosa de Vries! (pakt de jas fan Carla ôf)

Carla:

Hee!

Lotte-Rosa:

Rob!

Rob:

Dizze is foar minsken dy't gjin jas hawwe. (jout de jas oan Petra)

Petra:

Tankjewol.

Rob:

Ik bin Rob.

Petra:

Tankjewol Rob.

(Petra ôf. Lotte-Rosa en Carla sjogge ferbjustere nei Rob)

Rob:

En no gean we troch mei de audysje. Toe mar.

(Rob giet wer sitten, en wurdt wer slûch. Lotte-Rosa en Carla sjogge nei inoar. In net útsprutsen ôfspraak dat se it der fierder net mear oer hawwe sille)

Lotte-Rosa:

Eh... ja. Carla. Moai datst der bist. Sille wy begjinne mei de earste sêne?

Carla:

Eh ja... Ik ha wat tekst skrast. Hoopje datst dat okee fynst.

Lotte-Rosa:

Hokker tekst?

Carla:

In stikje oan it begjin. In diel fan it midden. En it hiele slot.

Lotte-Rosa:

Wêrom hast dat dien?

Carla:

Myn personaazje is spannender mei minder tekst. Ik praat sels ek net folle. Ik fyn it wichtich om te lústerjen.

(Rob moat laitsje, mar besiket it net blike te litten. Lotte-Rosa suchtet)

Lotte-Rosa:

Toe mar.

Carla:

Ja?

Lotte-Rosa:

Ja.

Carla:

Momint. (docht stim-oefeningen) ‘Kersenspitten plukken, kersenspitten plukken. Trap op, trap af. Liesje learde Lotje lopen langs de lange Lindelaan. De postkoets...’

Rob:

(lilk) Carla! Lotte-Rosa hat noch mear te dwaan!

Carla:

Sorry. I am ready.

(de audysje begjint)

Sêne 2.3 Topic

(yn it sealtsje. In koerier komt mei in pakketsje op)

Koerier:

Pakketsje foar iene... Hein Collier. Ik koe it hjir ôfleverje sei de portier. Iene Casper? Of Jasper?

Anna:

Jou hjir mar.

(Anna nimt it pakketsje oan. Hein lêst de krante, in lêsbriil op it puntsje fan 'e noas)

Koerier:

Mei ik noch even in krabbeltsje? (hâldt Anna in I-pad foar. Anna set in paraaf)

Koerier:

Perfekt. In noflikke dei fierder.

Anna:

It selde.

(koerier ôf. Hein sjocht op fan de krante)

Hein:

Wat is 't?

Anna:

'k Wit net. Wat swiers.

Hein:

Ik tink dat it myn spandoek is.

Anna:

Spandoek?

Hein:

Ja. Spandoek. Foar oan de muorre. Foar de gearkomste. Jou hjir ris.

Anna:

Ik bin dyn hûn net.

Hein:

Fansels bist myn hûn net. Ik ha al in golden retriever.

Anna:

(Anna leit it pakketsje yrriteare del) Hiel leuk. Hjir leit it. Ik bin even fuort.

Hein:

Wêr silst hinne? Ik ha dy no krekt nedich.

Anna:

Sil wol.

(Anna giet ôf. Hein oerein, rint nei it pakket en skuort it iepen mei in mes dat oan syn multyfunksjonele sleutelhanger hinget. Rôlet it doek út)

Hein:

(ropt:) Anna! (neat) Anna! Sorry dat ik sa bot wie!

(Anna wer op)

Anna:

Sorry? Hearde ik dat goed?

Hein:

Ja. Sorry. Kinst my helpe?

Anna:

Utrôlje?

Hein:

Ja.

(se rôlje it spandoek út. Der stiet yn fet drukte letters: ‘ASYLSIKERSSINTRUM NEE!’). Anna sjocht oer de râne fan it spandoek hinne. Hein ek)

Hein:

Perfekt. Lekkere fette letters. (wiist) Ik tocht dêr mar.

Anna:

Achter dy?

Hein:

Hm, hm.

Anna:

Is it net wat raar dat...

Hein:

Wat?

(Anna sjocht nei Hein, nei it spandoek en kriget ynienen wat mear selsbetrouwen. Dit sit har heech)

Anna:

Ik bedoel, is it net folslein ûndemokratysk om in spandoek achter dy op te hingjen, mei d'yn miening by in gearkomste dêr't elkenien him útsprekke mei?

Hein:

It is myn miening net.

Anna:

Wat is it dan al?

Hein:

It is DE miening. De iennichste goede miening. Dy minsken kinne hjir net komme, Anna. Dat kin dit doarp net oan. Der sil friksje ûntstean en alles wat wy opboud hawwe sil ôfbrokkelje. Kom, wy meitsje it hjir en hjir fêst...

(Anna lit it spandoek falle)

Anna:

Ik help dy net.

Hein:

Do wolst dochs ék net dat hjir aanst hûndert Afghanen yn ús pittoreske winkelsintrum omstrune om't se neat oars te dwaan hawwe?

Anna:

Nee, mar...

Hein:

Dy't nei alles fluitsje wat in rok oan hat.

Anna:

Dat witst net.

Hein:

Dy minsken Anna, sille it lykwicht fersteure. Dat kin net! Gjin ien wol dit!

Anna:

Dêr giet de gearkomste aanst oer Hein. En asto dit spandoek ophingest, dan makkest dy as foarsitter kompleet ûnbetrouber.

Hein:

No, ik tink dat ik sels wol wit dat...

(Petra komt deryn)

Petra:

Ik rin rûntsjes leau 'k. Ik wie hjir earder ek al dochs?

Hein:

Nee hear.

Petra:

Jawol, dochs?

Anna:

Dat is de opset fan dit buerthûs. Dat it sirkulêr is.

Petra:

Wêr moat ik dan... (sjocht it spandoek) O.

Hein:

Ja.

Petra:

Sille jo dit ophingje?

Hein:

Ja.

Anna:

Ik ha der neat mei út te stean, hear.

Petra:

Beseffe jo wol hoe ynhuman jo binne?

Hein:

En dat jo dy jassen hjir bringe makket jo wól human?

Petra:

No...

Hein:

(ûnderbrekt) Tink ris oan dy minsken dy't hjir al wenje! Hawwe dy gjin rjocht op in humaan bestean?

Petra:

Hear ik dit wol goed?

Anna:

Hein...

Petra:

Fergelykje jo no de ynwenners fan dit doarp mei minsken dy't hielendal neat mear hawwe?

Hein:

Ja! Om't dy ynwenners anst ek neat mear hawwe sille.

Anna:

Dat slacht nearne op, Hein.

Hein:

Do moatst ris ophâlde om my hieltyd de grûn yn te traapjen, Anna.

Petra:

Ik bin fuort. (ôf)

Hein:

Silst my noch helpe om dit op te hingjen?

(Anna helpt mei tsjinsin)

Sêne 2.4 Bruno.

(Betty hat in gleske advokaat en nimt krekt in slokje as se rjocht yn 'e eagen sjocht fan Bruno (35), in perfekt fersoarge Italiaan, mei swart hier dat glimt fan de brillantine)

Bruno:

Ciao.

(Bruno hat sa'n wite koarte broek oan mei in riemke, in wyt poloshirt en badslippers. Hy kjimt syn hier. Betty lit it gleske hast falle)

Betty:

Bruno? Bisto it?

Bruno:

(glimket. Hy sjocht yntins nei Betty) Si. Sono lo.

Betty:

Veramente?

Bruno:

Veramente.

Betty:

O Bruno, ik ha dy sa mist.

Bruno:

Ik dy ek Betty. Ik dy ek.

(Bruno laket. Pakt Betty har hân. Se kin noch krekt op 'e tiid har glês delsette foar't er har mei de dûnsflïer op lûkt. Siket brutaalwei in plak tusken de oare dûnsers dy't opkomme. Dy binne earst yritearre, mar fine de âldere twa minsken al gau grappich. Bruno draait Betty yn it rûn.

Bruno:

Volare!

Betty:

Net sa hurd, Bruno. Ik wurd dûzelich.

Bruno:

Haha.

(Bruno en Betty dûnsje as hinget harren libben der fan ôf. Bruno mei rûtine, stylfol en mei oandacht foar syn partner. Betty ûnhandiger, in bytsje ferlegen mar wol hiel sjarmant. As Bruno syn toskan bleat laket, laket sy ek breedút. De ljochten draaie, rook blaast)

Betty:

It liket wol in fantasy.

Bruno:

O mar dat is it net. Dit is echt Betty. Libbensecht.

Betty:

Praatsto Frysk?

Bruno:

Ik ha in kursus folge by de Afûk.

Betty:

Knap hear.

Bruno:

Dat ha ik foar dy oer. Sis ik dat goed?

(Betty nimt Bruno syn holle tusken har hannen)

Betty:

Wêrom ha ik dy nea wer sjoen, gekke man?

Bruno:

Ik ha al dy jierren op dy wachte, oan it Gardameer. Ik koe dochs net fuortgean? Ik hie dêr myn wurk.

Betty:

Do wiest de badmaster. Fan dy moast ik doe in badmûtse op en dat fûn ik sa ferfelend foar myn hier. Dus do hast al dy jierren wachte?

Bruno:

Do kaamst mar net. Dus bin ik no hjir hinne kommen.

Betty:

En giest no nea wer fuort?

Bruno:

Nee, mi amore, nea wer. (Bruno lit Marta los en rint fuort)

Betty:

Bruno! Wachtsje! (Betty lit har op wer op de stoel sakje. Stoarret nei de puzel. Sylvia komt deryn)

Betty:

Bruno?

Sylvia:

Nee, Sylvia.

Betty:

(fjannich) Wat moastst?

Sylvia:

Ik kom foar jo hoazzen.

Betty:

Oanlitte! Lit se mar gewoan oan!

Sylvia:

Dat kin net. Dan knelle jo fuotten fannacht ôf. Jo bloedsomloop sil dan fersteurd reitsje.

Betty:

Dat kin my neat skele.

(Betty jout har ferset op. Sylvia stiet njonken Betty. Sjocht nei de puzel)

Sylvia:

Jo puzel sjit al aardich op hê?

Betty:

It is gjin puzel.

Sylvia:

Wat is it dan?

Betty:

It is de wrâld.

Sylvia:

(Sylvia op knibbels) Kom, linkerfoet.

Betty:

Dizze?

Sylvia:

Rjochterfoet.

Betty:

Dizze?

Sylvia:

Kom mar. (Sylvia lûkt de steunhoazzen út)

Sêne 2.5 It goeie plak.

(in leech kantoar. Lûd fan in kaai dy't yn in slot stutsen wurdt. In jonge frou stapt deryn, folge troch Petra)

Petra:

Sa. Ik bin bliid dat ik it einlings fûn ha.

Jonge frou:

It is net sa yngewikkeld oars, hear.

Petra:

Dat fynsto. De earmen binne my lam fan it tillen.

(it keammerke is net bot ynrjochte mar hinget wol fol mei skema's en winken foar it persoaniel. Petra sjocht dernei)

Jonge frou:

Set dêr mar del.

Petra:

En dan?

Jonge frou:

Distribúsje hellet se sa op.

Petra:

Distribúsje?

Jonge frou:

Ja. Wy kinne net alles sels dwaan hjir.

Petra:

Dat begryp ik.

Jonge frou:

Wy rinne oer.

Petra:

Ja... Se binne foar de Eritreeërs.

Jonge frou:

Ja?

Petra:

Net foar minsken dy't gewoan in nije jas hawwe wolle, bedoel ik.

(Petra sjocht fol ferwachting nei de jonge frou. Dy seit neat, ek gjin tankjewol) Kin ik... kin ik fierder noch wat dwaan? Ik bedoel, ik fyn it sá goed wat hjir dien wurdt en ik wit dat jimme de hannen fol hawwe, dus...

Jonge frou:

(giet op in buro sitten) Der is wol wat.

Petra:

Ja?

Jonge frou:

Wy hawwe te min cash.

Petra:

Cash?

Jonge frou:

Foar de deistige útjeften. Kontant jild.

Petra:

O, eh... (pakt har beurs en hellet der twa briefkes fan fyftich út) Dit is alles wat ik yn 'e beurs ha.

(Petra jout it jild oan de jonge frou. Dy iepenet in kast en hellet der in blikje út. Docht it jild dêryn)

Jonge frou:

Tankjewol. Dit helpt enoarm.

Petra:

Ja?

Jonge frou:

Echt wier.

Petra:

(strielet) It is moai om echt ris wat goeds dwaan te kinnen. Fynst net?

Jonge frou:

Ik bin yn haadsaak foaral hiel wurch. (tsjin publyk) It is hiel lang lyn dat ik fatsoenlik slept ha. En ik ha no de enerzjy net om har (wiist net Petra) it gefoel te jaan dat se in geweldich goed minske is. Miskien lullich, mar...

Petra:

Binne jo op 'e hichte fan dy gearkomste jûn?

Jonge frou:

Hokker gearkomste?

Petra:

Gewoan, dý gearkomste. Hjir.

Jonge frou:

Nee.

Petra:

It is dochs wol hiel relevant?

Jonge frou:

Relevant?

Petra:

Ja!

(gjin antwurd. Petra sjocht nei de frou. Dy is stil. Petra ôf)

Sêne 2.6 Petearke.

Robert:

(bellet) Hallo mem. Hallo?... Nee ik bin it, Ro-bert. Ja. Hoe is it mei mem? Wat? Nee, do bíst thús. Neat oan 'e hân. Ik belje letter wol wer. Goeie mem. (hinget op)

TREDDE BEDRIUW

Sêne 3.1. Oertinking.

(Carla Kannegieter is einlings fuort. Rob en Lotte-Rosa moatte der even fan bekomme)

Myn God.

Rob:

Dat wie erch.

Lotte-Rosa:

Dat wie fólle.

Rob:

Ik bin kapot.

Lotte-Rosa:

Ik nim oan dat se fan de list kin?

Lotte-Rosa:

Ik wit it noch net Rob. Carla Kannegieter yntrigearret my enoarm. Se fassinearret my. Miskien bou ik it hiele stik wol om har hinne.

Rob:

En Marta?

Lotte-Rosa:

Skras dy mar fan de list. (even stil. Lotte-Rosa wriuwet har sliepen)

Rob...

Rob:

Ja?

Lotte-Rosa:

Mei ik dy wat freegje?

Rob:

Hm, hm.

Lotte-Rosa:

Hasto ek wolris mominten yn dyn libben, datst it gefoel hast dat alles allegearre sinleas liket?

Rob:

Sa faak. Elke dei wol in pear kear.

Lotte-Rosa:

(it liket as se net heart wat Rob seit, praat gewoan troch) Dat ha ik no dus. Ik wist it al net echt hoe't it moat mei dat stik, mar no mei dy jassen

en dy rare aktrises dy't allegearre eigen ideeën hawwe, no wit ik it hielendal net mear.

Rob:

Oars moastst it miskien mar net dwaan.

Lotte-Rosa:

Doch net sa bespotlik.

Rob:

Nee, ik mien it. Sa asto no bist, sa wie ik ek. Oait. Ik wie froeger nochal suksesfol, Lotte-Rosa.

Lotte-Rosa:

Dat sil't wol.

Rob:

Nee, echt wier. Wêrom soe ik dêr oer lige?

Lotte-Rosa:

(sjocht ferheard nei Rob) Wêrom wolst dan myn rezjy-assistent wêze? Ik behannelje dy as stront.

Rob:

'k Wit net. Miskien fyn ik it wol noflik. En it is in moaie ôfwikseling mei myn wurk yn it tûnsintrum.

Lotte-Rosa:

Haha.

(lytse stilte)

Lotte-Rosa:

Ik bin bliid mei dy. Giest mei?

Rob:

Wêrhinne?

Lotte-Rosa:

Dy gearkomste.

Rob:

Wolst dêrhinne?

Lotte-Rosa:

Ja Rob. Dat dogge wy. Ynspiraasje skûlet yn de frjemdste hoeken en gatten.

(Lotte-Rosa oerein. Rob, mei muoite, ek)

Sêne 3.2 En no?

(Petra rint, sûnder tassen, troch it gebou. Se kin de útgong net mear fine. Jit harsels út in kofjekanne kâlde kofje yn. De smaak is bûtengewoan goar)

Petra:

Gadverdamme. (spuit de kofje út yn in prullenbak)

Sêne 3.3 De gearkomste.

(in rumoerich sealtsje. Alle akteurs út de eardere sênes sitte op stuollen, útsein Betty. Dy sit noch hieltyd by har puzel. Achter Hein hinget it spandoek. Njonken Hein sit Anna mei in skriuwblok op har skoat en in pinne yn de oanslach. Minsken hawwe in stikje cake op in skaaltsje)

Elkenien:

‘Rabarber, rabarber, rabarber’.

(Hein docht de hân omheech, it praten ferstommet)

Hein:

Goed, ik wol graach de gearkomste iepenje.

Robert:

Wêrom do?

Hein:

Wat?

Robert:

Wêromstó de gearkomste iepenje moast.

Hein:

Der sil dochs ien wêze moatte dy’t dat docht, mynhear. En ik bin hjir de persoan mei de measte bestjoerlike ûnderfining.

Robert:

Dat sei Hitler ek en sjoch wat der fan kommen is.

Chiron:

Robert...

Robert:

Wat ’Robert’.

Chiron:

Bytsje dimme.

Robert:

Echt net!

(elk sjocht nei Robert en Chiron)

Hein:

Do hast dyn freon meinaam, sjoch ik.

Robert:

Dit is in frij lân.

Hein:

Ik sis der fierder dochts neat fan?

Chiron:

(giet nidich stean) Do konstatearrest it oars wol! (sêfter) Sek.

Robert:

Chiron, dit is wat tusken myn broer en my.

Chiron:

It giet oars oer my.

Anna:

(steckt de finger op) Ekskuses, moat dit allegearre yn de notulen?

Hein:

Wat?

Anna:

Is de gearkomste al begûn en moat dizze diskusje yn de notulen?

Hein:

Nee, Anna. Dit hoecht net yn de notulen. Hiel fijn datst de notulen makkest trouwens.

Anna:

Ik doch it graach. Ik fûn it as bern al leuk om notulen te meitsjen.

Hein:

Echt?

Anna:

Nee. Net echt.

Hein:

(tsjin seal) Dit is Anna. Se hâldt fan Abba.

Anna:

Ik hâld net allinnich mar fan... (swijt)

Sylvia:

(oerein) Mei ik wat sizze?

Hein:

(wiist nei in losse mikrofoan op in standert) Graach yn de ynterpellaasjemikrofoan prate. Tanke.

Sylvia:

(rint nei de mikrofoan. Kochelet deryn. It folume is nochal heech) Eh... hallo, ik...

Hein:

Namme en berop graach.

Sylvia:

Sylvia. Ik sit yn de fersoarging.

Hein:

It wurd is oan dy. En mei ik even sizze datst in wichtich berop útoefenest? De soarch is dochs wat, dat ús allegearre oan it hert giet, dochs?

(in beskaafd applauske en geknik)

Hein:

Goed, wat wolst sizze?

Sylvia:

No, ik eh... (komt net rjocht út 'e wurden)

Hein:

Dat wie it?

Sylvia:

Nee! Dat doek achter jo. Dêr ha ik beswier tsjin.

Anna:

Dat sei ik dochs!

Sylvia:

It stiet in iepen beslútfoarming yn 'e wei.

Anna:

Krekt.

(Lotte-Rosa komt deryn, folge troch Rob. Sy folget ynteressearre de diskusje. Hein keart him yrritearre nei Anna om)

Hein:

Anna, makkest no – sa as ôfsprutsen - de notulen, of nimst diel oan it petear.

Anna:

Ik nim diel oan it petear. En ik bin it mei Sylvia iens. (leit it skriuwblok fuort)

Lotte-Rosa:

(oerein) Ja, hallo...

Hein:

Yn de mikrofoan graach! En berop.

Lotte-Rosa:

Ik ha gjin mikrofoan nedich. Ik ha in toanieloplieding folge.

Rob:

Kloppet.

Lotte-Rosa:

Teatermakker.

Hein:

Wat?

Lotte-Rosa:

Teatermakker! Set dyn gehoarapparaat even oan, man.

(Hein makket in gebear fan: toe mar)

Lotte-Rosa:

Ik wol in moasje yntsjinje. Dat spandoek fuort foar't wy fierder gean.

Sylvia:

Iens!

Robert:

Iens!

Hein:

Wy kinne net fierder.

Anna:

Hoesa net?

Hein:

Om't der net notulearre wurdt.

(der giet in kollektive sucht troch de seal)

Robert:

Do dochst der werklik alles oan om de fuortgong te 'traineren' hè?

Hein:

Ik 'traineer' neat. Anna docht har taak net.

Chiron:

Ik doch de notulen wol. (Chiron oerein en rint nei Anna ta. Pakt it skriuwblok. Hein moat even wat fuort slokke)

Hein:

Do?

Chiron:

Ja. Wat op tsjin?

Hein:

Eh... nee. Nee, hiel goed. Mar eh...

Chiron:

Ja?

Hein:

Tinkst net, bist net bang datst te partidich bist?

Chiron:

Krekt sa partidich as dat spandoek, bedoelst?

Hein:

Jezus, it binne mar wat letters!

Chiron:

Of bedoelst partidich fanwegen...

Hein:

Nee, nee, ik...

(Lotte-Rosa oerein)

Lotte-Rosa:

Lit him de notulen meitsje!

Hein:

Okee, okee. Dan iepenje ik no de gearkomste.

(elkenien begjint troch inoar te praten (sa as: 'dit is in skande', 'wêr slacht dit op', 'ik bin it der totaal net mei iens' en 'litte wy de nuânse net út it each ferlieze') Foar- en tsjinstanners diskussearje. Rob giet ûnderwilens stean en skuort it spandoek fan de muorre. Nimmen hat dat yn 'e gaten)

Sêne 3.4

(Marta rint oer de gong. Komt by de lytste man mei de te grutte jas)

Marta:

Ekskuses, ik bin sa ferdwaald dat ik hieltyd wer op it selde plak út skyn te kommen.

Lytste man:

Lost?

Marta:

Ja, ferdwaald.

Lytste man:

You are... figurant?

Marta:

Ja, ik... No, ik bin wol wat mear as dat. Hast der wolris oer neitocht hoe leech en ûnnoazel in film derút sjen soe sûnder minsken op de achtergrûn? Minsken yn kafees, yn strjitten, foarbygongers, ferkeapers, busbestjoerders?

Lytste man:

Sorry, I don't understand.

Marta:

Wachtsje no even.

Lytste man:

Bye, bye love.

Marta:

Wachtsje!

(de lytste man is fuort. Marta praat tsjin harsels)

Moai. Goed dien. No stiest der allinnich foar. Do bist it paad kwyt. Hast dyn bêst dien, mar dat dêrst nei stribbest is no noch fierder by dy wei. Of net? Of is it goed sa as it is? O Marta, Marta. Wat moat ik mei dy? Wat moat ik mei my? (tinkt even nei)

(Jasper rint foarby mei in strak gesicht)

Marta:

Casper!

Jasper:

Nee, Jasper.

Marta:

Jasper, kinst my even helpe?

Jasper:

Ik moat eins in belangryk berjocht...

Marta:

Jasper, fynsto dat ik yn myn krêft stean?

Jasper:

(sjocht Marta oan, it duorret nochal in skoftke) Eh... ja, ik tink it wol ja.

Marta:

Tankjewol. (tutet Jasper op 'e foarholle en giet ôf)

(Jasper sjocht har even nei en giet dan hastich nei de fergaderseal)

Sêne 3.5 Unheilstiding.

Hein:

(Hein slacht op 'e tafel. Elk is stil. Even) No wol ik it witte! Wa hat dat doek fuort helle?

(stilte)

Wy gean net fierder foar't ik wit wa't it dien hat! En dat is gjin grapke.

Rob:

Ik.

Hein:

En jo binne?

Rob:

Dat docht der net ta.

Lotte-Rosa:

Dat is Rob. Hy is goud wurdich yn elk proses. It moaie oan Rob is dat er him tsjinstber opstelle kin, mar hy kin ek – en dat blykte hjoed - flink fan him ôfbite as it proses dêrom freget.

Rob:

Tanke Lotte-Rosa. Dat is tink ik it leafste wat immen sûnt in hiel lange tiid tsjin my sein hat.

Anna:

Moai. (tsjin Hein) Sa kin it ek.

Chiron:

(hâldt it skriuwblok omheech) Moat ik dit notulearje?

Hein:

(lilk) Dat moastst sels witte! (tsjin Rob) Hawwe jo noait leard dat je fan in oar syn eigendommen ôfbliuwe moatte?

Man yn seal:

Hein hat gelyk!

Robert:

(oerein) En no ha ik myn nocht hjirfan, Hein! Myn nocht fan dy! Myn nocht fan dyn praat, myn nocht fan dyn...

(Jasper op)

Jasper:

Pardon, mei ik even...

Hein:

Wat Casper?

Jasper:

Jasper. En ik...

Hein:

Ja?

Jasper:

(fernimt dat alle eagen op him rjochte binne) Sorry dat ik steur...

Hein:

Ja, do steurst.

Jasper:

Mar ik ha in berjocht foar Robert en Hein Collier. Jimme mem is stoarn.

(Hein en Robert skrikke. Chiron rint nei Robert ta. Dy is oandien)

Chiron:

Wat slim foar dy, skat.

Hein:

(sit yn de ûntkenningsfase) Wat bedoelst dêrmei, dat myn mem stoarn is?

Robert:

Us mem, Hein.

Hein:

(tsjin Jasper) Hoe komst oan dat lulferhaal?

Jasper:

Ik eh... ik wurde krekt belle troch it fersoargingshûs.

Hein:

Mar it kin net! Ik wie juster noch by har! Doe gie alles goed. Se wie mei in puzel dwaande! It kin net!

(Anna rint nei Hein ta)

Anna:

Miskien moatte wy de gearkomste even...

Hein:

Stil lizze? Nee. Wy gean troch. Dat soe mem ek wolle! Hjir giet it no krekt om! Wa mei ik it wurd jaan?

(minsken rinne der skodholjend út)

Hein:

Wachtsje no! It is okee! Ik kin gewoan troch.

(elkenien is fuort, útsein Robert)

Robert:

Hein.

Hein:

Ik haatsje dy.

Robert:

Even rêstich sykhelje.

Hein:

En tink mar net datst in sint fan de neilittenskip krigest!

Robert:

Mem hie ommers neat.

Hein:

Dan noch!

Robert:

(rint nei Hein ta) Hein...

Hein:

Gean hjirwei! Kom net tichter by!

(Robert stiet by Hein. Omearmet him. Hein gûlt. Carla Kannegieter komt deryn)

Carla:

Ik ha hiel goed nijs. Hawwe jimme it al heard? Ik há de rol. Is dat net prachtich, jonges? It is wier in hiele grutte kâns foar my. In hiele grutte!

(Hein en Robert rinne tegearre fuort. Foar even wer bruorren. Carla bliuwt even stean mei in útdrukking: wat is dit? Giet dan ek fuort)

Epilooch.

(Italiaanske muzyk sêft op de achtergrûn. Bruno op. Betty puzelet net)

Bruno:

Betty?

Betty:

(de triennen springe Betty yn 'e eagen. Hy is werom)

Si? Si. Bruno?

Bruno:

Ik bin hjir om dy op te heljen.

Betty:

Ja?

(Bruno tilt Betty op. It kostet him gjin muoite har te dragen. Hy rint mei lichte tred. Betty glimket loksillich)

Betty:

Wêr gean we hinne?

Bruno:

Perschiera. Lago di Garde.

Betty:

Werklik?

Bruno:

Si. Si. (laket gerêststellend syn wite toskan bleat)

Betty:

Is it fier?

Bruno:

Nee. Hjir om 'e hoeke.

Betty:

O dan... Dan is it goed.

(Bruno rint mei Betty yn 'e earmen ôf)

(wyt ljocht)

(de lytste man yn de te grutte jas, rint foarby. Hy sjocht eefkes rjocht it publyk yn. Rint dan troch)

Donkerslach